

MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: SP
Mei-yntsjinner(s): PvdD, FNP, GL

Moasje nr.	10.
Paraaf	
Wurklistpunt	07.
Beslút	

MOASJE, eks kêst 31 Reglemint fan oarder

Steategearkomste	26 jannewaris 2022
Wurklistpunt	Enerzjyprogramma Fryslân 2022-2025
Koarte titel fan de moasje	Gjin grutte datacenters yn Fryslân
De Steaten, yn gearkomste byinoar op 26-01-2022 heard hawwende it berie; konstatearjende dat • Wynpark Fryslân stroom leverjen gean moat foar likernôch 340.000 húshâldens; • yn ûnder oaren de Wieringenmeerpolder ek grutte wynparken boud binne en dêrnei datacenters foar Google en Microsoft oanlutsen binne; • de opwekte stroom net mear nei de ynwenners fan de oanbelangjende provinsje giet, mar folslein yn datacenters ferdwynt; • de fraach nei grutte datacenters lânlik tanimt en dat Noard-Nederlân hjirby mear yn byld komt; • de Earste Keamer har yn De Haach útsprutsen hat tsjin de komst fan in datacenter yn Zeewolde fan META/Facebook (in kompleks fan mar leafst 250 fuotbalfjilden); oerwagende dat • Fryslân ferduorsumje wol; • der dêrom wyn- en sinneparken boud wurde; • grutte datacenters noch boud wurde moatte en dêrom net ûnder ferduorsuming falle; • grutte datacenters in soad grûn yn beslach nimme dêr 't lânbou en/of enerzjy-opwekking plak fine kin; • in datacenter net in soad wurkgelegenheid opleveret; • de opslach yn dizze datacenters meast foar Afrika, it Midden-Easten en East-Europa binne, sprekke as harren miening út	

MOASJE

MOASJE

• dat fêstiging fan grutte datacenters yn de provinsje Fryslân definityf net akseptearre wurde kin,
en geane oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	SP, Hanneke Goede Partij voor de Dieren, Menno Brouwer FNP, Rein van der Wal Grien Links, Charda Kuipers
---------------	---